



Royal Netherlands Academy of Arts and Sciences (KNAW) KONINKLIJKE NEDERLANDSE AKADEMIE VAN WETENSCHAPPEN

In kwestje fan haastjen: oer hoe't yn it Frysk de sekwinsjes -sts- en -tj@ mijd wurde.

Visser, W.

published in

Tydskrift foar Fryske Taalkunde

1993

[Link to publication in KNAW Research Portal](#)

citation for published version (APA)

Visser, W. (1993). In kwestje fan haastjen: oer hoe't yn it Frysk de sekwinsjes -sts- en -tj@ mijd wurde. *Tydskrift foar Fryske Taalkunde*, 8(1/2), 123-130.

General rights

Copyright and moral rights for the publications made accessible in the public portal are retained by the authors and/or other copyright owners and it is a condition of accessing publications that users recognise and abide by the legal requirements associated with these rights.

- Users may download and print one copy of any publication from the KNAW public portal for the purpose of private study or research.
- You may not further distribute the material or use it for any profit-making activity or commercial gain.
- You may freely distribute the URL identifying the publication in the KNAW public portal.

Take down policy

If you believe that this document breaches copyright please contact us providing details, and we will remove access to the work immediately and investigate your claim.

E-mail address:

pure@knaw.nl

In kwestje fan haastjen: oer hoe't yn it Frysk de sekwinsjes *-sts-* en *-tj@* mijd wurde

Willem Visser

Yn dizze tsjilling gean ik yn op 'e sekwinsje *-tj@*, dy't yn it Frysk safolle mooglik mijd wurdt. Faak wurdt tusken *-t-* en *-j@* in [s] ynfoege. Wannear't der foar *-t-* in /s/ stiet, smyt [s]-ynfoeging de sekwinsje *-sts-* op, dy't allyksa safolle mooglik mijd wurdt. Yn 'e earste trije paragrafen gean ik de gefallen nei dêr't dit 'konflikt' him foardocht; yn it lêste part wol ik besykje om ien en oar te beregeljen.

1. Tiidwurden swak II

Lykas bekend wurdt de stamme fan in tiidwurd swak II op *-t/-d* útwreide mei *-s/-z-* foar it suffiks *-je*.¹ Sa wurdt bgl. *hyt* ta *hytsje*, *wacht* ta *wachtsje*, *biid* ta *biidzje* en *wyld* ta *wyldzje*. Sa't oan 'e foarbylden te sjen is, makket it net út oft it om in inkele *-t/-d* giet of om 'e einichste konsonant fan in kloft.

Der is lykswols ien gefal dat der, sa't it liket, gjin *-s-* ynfoege wurdt. Dat is wannear't de stamme op *-st* útgiet. Sa jout it Frysk Wurdboek (1984) it fan it haadwurd *haast* ôflate tiidwurd (*fer*)*haastje* en net *(*fer*)*haastsje*. Ik jou noch in stikmannich foarbylden: (*fer*)*treastje*, *ferwoastje*, *befeestje*, *húsfestje*, (*út*)*dwêstje*, *bekistje*, (*yn*)*listje*, *ferhynstje*, *koarstje*, *fertoarstje*. Al dy tiidwurden wurde mei in inkele *-[s]-* útsprutsen, wannear't se mei *-je* bûgd wurde; der liket gjin *-s-* ynfoege te wêzen en de einichste *-t* fan 'e stamme is wei wurden.

Men soe no ferwachtsje dat der nei in stamme op *-zd* wat soartgelikens te rêden wie, dat dêr nei m.o.w. gjin *-[z]-* ynfoege waard en dat yn 'e útspraak de einichste *-d* fan 'e stamme net te hearren wie. Spitigernôch kin dizze ferwachting net empirysk hifke wurde, meidat der gjin of amper foarmen op *-zd* binne. En de pear dy't der dan noch al binne, bgl. *ferweesd*, steane gjin konverzje nei in tiidwurd swak II ta. Dat wy moatte ús hjir fanneed beheine ta foarmen op *-st* en *-s--*ynfoeging. Yn §3 sille wy lykswols ien gefal tsjinkomme dat der op liket te wizen dat der mei *-zd-* fanditoangeande wat soartgelikens as mei *-st-* te rêden is.

¹ Itselde jildt foar it suffiks *-jend(e)* fan it trochsettend mulwurd en it suffiks *-jen* fan 'e ynfinityf yn nominaal gebrûk.

Om de regel fan *-s--ynfoeging* sa ienfâldich mooglik te hâlden, kinne wy it bêste fan 'e nul-hypteze útgean dat dy regel ek wurket nei in stamme op *-st*, namste mear omdat wy sjoen hawwe dat er oars ek nei konsonantkloften wurket. Dêrnei moat der dan in regel operearje dy't /t/ yn 'e sekwinsje *-sts-*delearret. Dy sille wy hjirre hiel simpel sa formulearje:

$$(1) t \rightarrow \emptyset / (s _ s)_w$$

(1) is in regel dy't wurkje moat binnen it fonologyske wurd; yn gearstallingen en tusken wurden yn sinsferbân is de kloft *-sts-* wol tastien, lykas bgl. yn *krús#tsjerke*, *kryst#sang*, *de list sân kear troch west*, *hy keas tsjis*. Fan 'e twa [s]'en dy't nei it wurkjen fan (1) neist inoar komme te stean, wurdt ien delearre troch in algemiene fonologyske degeminaasjeregel, dy't ik hjir net jou. Wy sille foar dit stik oannimme dat it lofter segmint komt te ferfallen. De ôflieding fan *listje* en *haastje* giet dan sa yn syn wurken:

(2)	/lɪst/	/ha:st/
fleksje	j@	j@
[s]-ynfoeging	s	s
regel (1)	∅	∅
degeminaasje	∅	∅
útkomst	[lɪsj@]	[ha:sj@]

De einichste *-t* fan 'e stamme komt foar 't ljocht, wannear't der net mei *-je* suffigearre wurdt, bgl. yn 'e ôfslutende mulwurden *liste* en *haaste*, yn 'e tredde persoan inkeltal notiid *listet* en *haastet* of by ôflieding lykas yn *(yn)lister* en *(yn)listing*. Foar gâns Fryskpraters binne de tiidwurden *hoastje* en *kostje* de *-t* lykswols hielendal kwyt rekke, dat dy fynt men by har yn net ien foarm werom. Foar sokken is de stamme /uas/ en /kOs/.

Troch dizze *t*-deleesje (en degeminaasje) wurdt de tiidwurdsstamme ynkoarte en is dêr troch minder goed werom te kennen, dat in minder winsklike sitewaasje is. Der binne ûnderskate 'strategyen' om *t*-deleesje te mijen. Sa wol it my, yn it foarste plak, foarkomme dat yn it gefal fan in stamme op *-st* by de foarmen op *-je* gauris in foarm fan it paradigma swak I te baat nommen wurdt, dus ien op *-e*, wylst konverzje fan haad- en eigenskipswurden oars ôflate tiidwurden swak II opsmyt. Men krijt dan bgl. 'wy liste de foto yn' neist 'wy ha de foto ynliste'. Soks koe mooglik nammerste makliker syn beslach krije troch paradigmatiske druk út 'e doetiid wei; oan in doetiidsfoarm as *liste* is net te hearren is oft it no om *list+e* (swak II) of *list+te* (swak I) giet.

Yn it oarde plak is it sa, dat yn sokke gefallen de stamme moai faak útwreide wurdt mei it 'helpstikje' *-(i)g-*, dat de kondysje foar *t*-deleesje foar *-je* weinimt, bgl. yn *(fer)hast(i)gje, festigje, begeunstigje, bekostigje, dwestgje, fertoarstgje*.²

(1) is formulearre as in hiele algemiene regel. Dêrom soe men ferwachtsje dat er yn mear gefallen opgearret as inkel dy fan 'e tiidwurden swak II. Ik leau dat der mooglik noch twa sokken binne, t.w. ferlytsingswurdfarming nei in stamme op *-st* en lienwurden op *-estje*. Dy sil ik no by del.

2. Ferlytsingswurdfarming

Haadwurden op *-ll-nl-dl-t* krije *-tsje* as ferlytsingsútgong. Wat bart der no mei haadwurden op *-st*? Der is in hoeke fan Fryslân dêr't de *-t* fan *-st* net 'meitelt' of delearre wurdt foar it ynearsten abstrakte algemiene ferlytsingssuffiks DIM.³ De 'konkrete' ferlytsingsútgong wurdt dan keazen op grûn fan 'e einichste *-s*, bgl. yn *kistke* [kIsk@]. It giet ús hjir om it Frysk yn 'e hoeke dêr't de *-t* al meitelt. Wy krije dan bgl. *kist+tsje*. De lofter *-t-* falt wei troch degeminaasje, dat it paad sljochtet foar regel (1). Dêrnei wurdt de lofter *-s-* troch degeminaasje delearre en komme wy út op [kIsj@]. Yn (3) wurdt ien en oar sjen litten:⁴

(3)	/kIst/	/kwast/
ferlytsing	DIM	DIM
útstaving	tsj@	tsj@
degeminaasje	∅	∅
regel (1)	∅	∅
degeminaasje	∅	∅
útkomst	[kIsj@]	[kwasj@]

Degeminaasje kin mear as ien kear yn in ôflieding wurkje. Omdat dat in frij lette, suver fonetysk-fonologyske regel is, dy't ek tusken wurden wurket, moat

² Bytiden liket it te gean om *-el-* (*bestelje, nestelje, koarstelje*) en *-k-* (*ruostkje, fûstkje*). Yn dy gefallen is de einichste *-t* fan 'e stamme dochs wei wurden. Dat is dan lykswols it hiele paradigma troch, dat der is gjin sprake mear fan in wikseling fan al en net ynkoarte foarmen.

³ Wy geane hjir út fan 'e analyze yn Hoekstra (1986).

⁴ De einichste *-@* fan *kiste* en *kwaste* wurdt delearre foar DIM. Wy litte dat hjir wêze.

regel (1) op grûn fan 'e ôflieding yn (3) ek frij let wurkje. Wy komme dêr yn §4 op werom.

3. Lienwurden op *-estje*

It giet hjir om Hollânske lienwurden dy't yn dy taal op *-estje* útgeane, bgl. *kwestje* en *suggestje*. Yn Visser (1992b) haw ik beriddenearre dat in einichste, ûnbeklamme *-i/* yn it Frysk yn 'e gewoane regel werstrukturearre wurdt ta *-JE*, ûnderlizzend in koart opgeand twilûd dat al neffens de dialekthoeke realisearre wurdt as *-[j@]* of *-[i]*. Dat moat mei dit slach wurden sa ek gongen wêze. Wy krije dan foarmen dy't útgeane op *-Estj@/*.

No is it sa dat it yn it Frysk mei de sekwinsje */tj@/* net rjocht wol. It Frysk liket dêr in fonotaktyske tsjinnichheid yn te hawwen, grif ien fan 'e reden mei dat de morfoleksikale regel fan *-s*-ynfoeging foar *-je* by de tiidwurden swak II ûntstean koe. Men ferwachtet dêrom dat yn 'e foarmen op *-Estj@/* tusken *-t/-* en *-j@/* ek in *[s]* ynfoege wurdt. Sa'n foarm is dêrnei ynput foar regel (1). Hjirûnder jouwe wy in ôflieding:

(4)		<i>/kwEsti/</i>	<i>/sögEsti/</i>
	i --> j@	j@	j@
	s-ynfoeging	s	s
	regel (1)	ø	ø
	degeminaasje	ø	ø
	útkomst	[kwEsj@]	[sögEsj@]

Hjir is it it plak om ek wat te sizzen oer de sekwinsje */dj@/* en oer *-zd* foar *-je*. Yn 'e nammen fan 'e dagen fan 'e wike op *-dei* en yn 'e wurden *jierdei* en *middei* wurdt it part *-dei* yn in grutte hoeke fan Fryslân mei de ferkoarte en redusearre foarm *-[di]* útsprutsen. Yn in oar part is de einichste *-[i]* omset yn *-[j@]*. Yn dat part wurdt it part *-[dj@]* wol as *-[dzj@]* útsprutsen; njonken bgl. *midje* komt *midzje* foar. Mar *tiizdje*, *waanzdje* en *tongerzdje* wurde net as **tiizdzje*, **waanzdzje* en **tongerzdzje* útsprutsen. Dy foarmen binne like ûnmooglik as bgl. **befeestsje* en **kwestsje*. Dat, *-z--*ynfoeging wurdt hjir opkeard. Dat moat hast wol komme fan 'e */z/* foar de einichste *-/d/*, krekt-en-gelyk as by *-s--*ynfoeging yn foarmen mei in */s/* foar de einichste */t/*. Yn dizze gefallen wurde twa strategyen te baat nommen om */dj@/* (en *-zdz-*) te mijen. Yn it earste plak kinne *z* en *d* fan plak wikselje: *tiizdje*, *waanzdje*, *tongerzdje*; yn it twadde plak kin *-d* weifalle: *tiizje*, *waanzje*, *tongerzje*. Mar *tiizdje*, *waanzdje* en *tongerzdje* binne ek mooglik omdat it by de tsjinnichheid yn */dj@/* (en */tj@/*) mear om in

sterke fonotaktyske foarkar as om in absolute fonotaktyske beheining liket te gean.⁵

4. Beregeling

Yn (1) hawwe wy *t*-deleesje hiel simpel ferantwurde troch de wei fan in regel mei in suver fonologyske kondisjonearring. It is fansels de fraach oft dat sa wol kin en oft it net om in morfoleksikale regel giet.

Alderearst kin fêststeld wurde dat de sekwinsje *-tst*- ûnderlizzend net foarkomt, mar inkel yn ôflaate foarmen. Spilet dat ôflaat-wêzen by *t*-deleesje in rol, dan moatte wy dat ferskynsel ferantwurdzje mei in sykliske, leksikale regel. Spilet dat gjin rol, dan kin it mei in postsykliske, suver fonologyske regel lykas (1).

Foar in sykliske regel moat men in kondisjonearjende morfologyske faktor oanwize kinne. It leit yn 'e reden om oan it suffiks *-je* te tinken. By de tiidwurden swak II is dat gjin probleem, wylst by de frjemde wurden op *-estje* it part *-je* as in formeel suffiks opfette wurde kin (Visser (1992b)). By de ferlytsingswurden komt men yn 'e swierrichheden, want it part *-je* fan it suffiks *-tsje* kin min as in apart suffiks opfette wurde. Boppedat hawwe wy al sjoen dat by de ferlytsingswurden regel (1) fuorre wurdt troch de suver fonologyske regel fan degeminaasje. Omdat dat in 'lette', postsykliske regel is, moat regel (1) dat dan ek wêze.

Om it gefal fan 'e ferlytsingswurden der by te hâlden, moatte wy ús ôffreegje, oft it Frysk in fonotaktyske oerflakbeheining fan 'e neikommende foarm hat:

(5) * (sts)_w

It liket my ta dat dat sa net is. Fan in eigenskipswurd yn selsstannich gebrûk wurdt in 'partitive genityf' op *-s* ôflaat nei kwantifisearjende wurden of wurdkloften lykas *wat*, *neat*, *in protte*, *in bytsje*. Nimt men no in eigenskipswurd op *-st*, bgl. *fêst* of *robúst*, yn kombinaasje mei bgl. *wat*, dan krijt men *wat fêsts*, *robústst*, dêr't *-sts* yn foarkomt. Dat lit sjen dat (5) net in

⁵ /tj@/ komt foar yn 'e telwurden op *-tjin*, bgl. *santjin*, dy't njonkenfoarmen op *-tsjin* hawwe.

generalisaasje oer it Frysk ferantwurdet.⁶

It is mooglik al sa, dat de kloft *-sts-* fonotaktysk minder goed leit. It wol my foarkomme, dat de 'partitive genitiven' hjir boppe ek wol gauris as *wat fêstichs, robústichs* realisearre wurde. Dy tsjinnichheid soe mooglik sa ferklearre wurde kinne. Yn Visser (1992a) haw ik útholden dat yn it Frysk de kombinaasje fan in stimleaze ploffer + /s/ op in beskaat, frij 'let', nivo gearnommen wurdt ta ien kompleks segmint. Yn it gefal fan *-sts-* krijt men no ûnwissichheid by it parsearjen: it kin [[st][s]] of [[s][ts]] wêze.⁷ Mar ûnwissichheid oer it parsearjen fan in beskate kloft is net automatysk itselde as in absolute beheining der op.

De swierrichheden dy't foarmen op *-st* foar *-je* jouwe, binne dus twadderlei: 1) de minder winsklike sekwinsje *-tj@ ûntstiet*; 2) *-s--ynfoeging*, oars brûkt om dy sekwinsje te mijen, smyt de allyksa minder winsklike sekwinsje *-sts-* op.

Wy koenen (1) omformulearje ta in postsyklyske fonologyske regel dy't kondisjonearre wurdt troch it wurddiel, nê't it suffiks, *-je*. Dat lêste kin ek net mear, want yn dat stadium fan 'e ôflieding is troch 'Bracket Erasure' alle ynterne wurdstruktuer weimakke. Wy komme dan út by dizze regel:

$$(6) \quad t \rightarrow \emptyset / s_sj@$$

Dat (6) dan wol as in lette fonetysk-fonologyske regel opfette wurde moat, slút moai oan by Visser (1992b) dêr't útholden wurdt dat *-je* op it ûnderlizzende nivo in opgeand twilúd is mei in fonetysk lege twadde posysje en earst letter yn 'e ôflieding ta *-je* of *-i* wurdt, al neffens de dialekthoeke.

Tagelyk leit dêr it probleem. Wannear't de kondisjonearjende faktor wier it wurddiel *-[j@]* is, dan ferwachtet men gjin tapassing fan (6) yn 'e dialekthoeke dêr't *-[i]* realisearre wurdt. Dat komt net út. Yn myn eigen dialekt binne de ferlytsingsfoarmen fan (3) *[kIsi]* en *[kwasi]*. In tiidwurd swak II as *befeestje* hat wol it ôfslutende mulwurd *befeeste*, mar oft bgl. de ynfinityf altyd *[b@fe:si]* is, doar ik sa net sizze; mar yn gjin gefal is dy **[b@fe:stsi]*. De lienwurden op *-estje* wurde faak op har Hollânsk útsprutsen, dus mei *-[Esti]*, mar de útspraak *-[Esi]* liket my hiel wol mooglik ta. De útspraak *-[Estsi]* is lykswols folslein ûnmooglik.

⁶ Troch *t*-deleesje en degeminaasje wurdt it suffiks folslein wei, dat om persepsjonele reden minder winsklik is.

⁷ Itselde jildt foar *-tst-*. Der is dan ek in regel dy't de einichste *-t* fan in stamme delearret foar suffiksen dy't mei *st-* begjinne (Hoekstra (1985)). /sIt+st/ wurdt as *[sIst]* realisearre bgl. It giet hjir likemin om in absolute oerflakbeheining, sa't oan in foarm as */kwIts+(s)t/ [kwItst]* ôf te nimmen is.

Wy koenen oannimme dat *t*-deleesje kondisjonearre wurdt troch it 'ûnferdielde' *-je* (*-JE*) en dat dat letter opdield wurdt yn *-[j@]* en *-[i]*. De regel fan *t*-deleesje komt der dan sa út te sjen (ferl. (6)):

$$(7) \quad t \rightarrow \emptyset / s_sJE$$

Dizze oanpak hat twa beswieren. Foarst: men moat (7) ekstrinsyk oarderje foar *-JE*-opdieling. Al is sa'n oardering net ferbean, wannear't it der sûnder kin is dat altyd moaier. Oard: de regel, (6) oars likegoed, wurket net-lokaal, want tusken *t* en *-JE* stiet in *s*.

Oant no ta haw ik hieltyd alle trije gefallen by inoar hâlde wollen. Wannear't wy se út inoar helje, is in simpelder beskriuwing faaks mooglik. Foar it gefal fan 'e tiidwurden swak II en foar dat fan 'e lienwurden op *-estje* koe de neifolgjende sykluske, leksikale regel opsteld wurde:

$$(8) \quad t \rightarrow \emptyset / s_+JE$$

It foardiel fan (8) boppe (7) is, dat it in lokaal wurkjende regel is. Boppedat hoecht er net ekstrinsyk oardere te wurden foar de regel fan *s*-ynfoeging by tiidwurden swak II, omdat er dêr, as de spesifikere regel, foar oanwiisd wurdt troch de Elsewhere Condition, dat in as universeel bedoeld prinsipe is.

(8) kin, funksjoneel sjoen, begrepen wurde as in middel ta twadderlei doel. Alderearst wurdt de minder winsklike sekwinsje *-tj@-* út 'e wei romme.⁸ Tagelyk wurde de kondysjes foar *-s*-ynfoeging weinommen, dat de minder winsklike sekwinsje *-sts-* ûntstiet likemin.

De ferlytsingswurden passe hjir net by. Wannear't men in regel as (8) net allinnich troch *-JE*, mar ek troch it abstrakte ferlytsingssuffiks *DIM* kondisjonearre liet, waard oan alle haadwurden op *-st* by útstavering de ferlytsingsútgong *-ke* tawiisd op grûn fan 'e dan einichste *-s*, en dat jout in ferkearde útkomst. Merk fierders op, dat it ferlytsingssuffiks *-tsje* gjin minder winsklike sekwinsje *-tj@-* befettet, dat ien fan 'e twa funksjonele driuwen, sj. hjir boppe, is der net. De minder winsklike sekwinsje *-sts-* bliuwt lykswoels oer. By de ferlytsingswurden kin (1) wurkje, in regel dy't, funksjoneel sjoen, begrepen wurde kin as in middel om dy sekwinsje kwyt te reitsjen.⁹

⁸ *-s*-ynfoeging tusken *t* en *-je* by de tiidwurden swak II docht dat ek.

⁹ Yn in wurd as *postsegel* is de kloft *-sts-* 'ferinkele' ta [s]. Regel (1) kin dêr wurke hawwe, wannear't wy oanimme meie dat it wurd net mear as in gearstalling opfette en sa de ynterne wurdgrinzen kwyt rekke is.

Literatuer

- Frysk Wurdboek 1984: *Frysk Wurdboek frysk-nederlânsk*. Hânwurdboek fan 'e Fryske taal gearstald troch J.W. Zantema. Leeuwarden/Ljouwert: A.J. Osinga Uitgeverij.
- Hoekstra, J. 1985, *t*-deletion before suffix-initial *st* in Modern West Frisian. *NOWELE* 5, 63-76.
- Hoekstra, J. 1986, Ferlytsing en syn njonkenkategoryen. *Philologia Frisica anno 1984*. Ljouwert: Fryske Akademy, s. 131-150.
- Visser, W. 1992a, Ta de syllabifikaasje yn it Frysk. *Philologia Frisica anno 1990*. Ljouwert: Fryske Akademy, s. 133-165.
- Visser, W. 1992b, Oer *-je* en *-JE*. De morfology en fonology fan it einichste wurddiel *-je*. *Tydskrift foar Fryske Taalkunde* 7, 69-87.